

Krystbeam

útbrocht op de Rayonhade-CD 'Skodzje foar it brûken'

ik ha wer in krystbeam, hy stiet foar it rú	Em	Am
de ljochtsjes dy baarne, dy doch'k fuort ek net wer út	Am	Em
hy hinget fol ballen, boppeop stiet in pyk	A7	Dm
jawier troch dy krystbeam fiel ik my o sa waarm en ryk	Am	C B7 Em

kearsang: krystbeam, struist dyn nuddels yn't rûn	A	E
krystbeam, hast ús safolle jûn	E	A
krystbeam, bist de ein en 't begjin	A	E
wylsto hjir deagiest	E	C
joust ús libben wer sin	B7	E

ja, ûnder dy krystbeam krije wy wer sa'n sin
wy strûpe in knyntsje en slachtsje in hin
wy ite en drinke, ite dan noch wat ta
en meitsje in tientsje oer foar de honger yn Afrika

kearsang:

dan gau de tillevyzje, want it nijs is der foar
yn hoefolle lannen fermoardzje s'elkoar
wy wolle 't graach witte, bin benijd wa't it wint
en sjonge fan frede op ierde oant Rambo-fjouwer begjint

kearsang:

dan noch efkes nei't hok ta, de famylje giet mei
dêr leit al ús fjoerwurk foar de âldejersdei
wy sjitte wat pylken, o, it knalt as in pracht
en ûnder de krystbeam sjonge wy sêft fan stille nacht

kearsang: